Recensie ★★★★☆

Knellende bân stikje foar stikje ûntlede yn ’e garaazje

Heerenveen In bân moat goed sitte, dêr witte se yn in garaazje alles fan. Yn de garaazjes fan Haaima op It Hearrenfean, Drachten en Ljouwert rydt de kommende jûnen in âlde auto nei binnen dêr’t de bân tusken mem en soan sawat fan de felch rint.

Tamara Schoppert en Tim Helderman as mem Sunny en soan Gabe yn 'Fierder nei it Noarden' fan Tryater. © Simon Bleeker

Hans Brans

11 oktober 2026, 11:40

Luisteren Artikel delen

Tryater spilet op dy jûnen it stik *Fierder nei it Noarden* fan Herman van de Wijdeven. It is in oangripend toanielstik foar twa akteurs, of eins trije, want de garaazjemonteur dy’t op de ein fan de wurkdei noch efkes dy stikkene auto nei binnen ta triuwt, spilet op de eftergrûn in net

ûnbelangrike rol as muzikale sfearbepaler.

Ministerie van Defensie

Techniek bij Defensie

Technicus worden op een marineschip, vliegbasis of kazerne?

ONTDEK MEER

Dy nachtlike wurkpleats is wol in bysûndere setting foar dit psychologyske drama fan ferkearde hechting en benearjende bannen. De metafoaren lizze foar it opkrijen, mar aldergeloks wurdt it der net te grou oplein.

Stapke foar stapke wurde wy de foarskiednis yn sûge fan de komplisearre relaasje tusken mem en soan. Earst hearre wy wêrom't se hjir binne: mei autopech op wei nei Laplân, 'stomtafallich' strâne by deselde garaazje as goed tweintich jier earder, doe't memmeleaf har soantsje fan njoggen min ofte mear ûntfiere woe nei it fiere Noarden. Lykas safolle fan har wylde plannen en woeste ynfallen rûn ek dit op neat út.

Smelle jongesskouders

Mem Sunny, dy't harsels beskôget as in hertsfreondinne fan Sophia Loren en dan ek as in filmstjer posearret sadree't se in motorkap sjocht, lijt oan wat je hjoed-de-dei in bipolêre steurnis neame. Soan Gabriël seit dat er as bern in rêstige en in drokke mem hie. De rêstige wie him it leafst, want dy wie foarsisber. Mar omdat se dan ek ûngelokkich wie, ferfolle him dy foarkar mei skuldgefoel. Op skoalle neamt er him leaver Gabe, want mei de namme dy't sy him joech, waard er narre.

ADVERTENTIE

De wurkpleats fan garaazjebedriuw Haaima op it Hearrenfean is it dekôr foar 'Fierder nei it Noarden' van Tryater. © Simon Bleeker

Op dy mislearre reis nei Laplân besefte er ynienen dat hja amper foar him soargje koe, mar dat hy dat foar har dwaan moast. Mar sa'n ûndraachlike ferantwurdlikheid op te smelle jongesskouders lit djippe spoaren nei.

Van de Wijdeven lit it ûntstean fan dy groeden op in byldzjende en oertsjûgjende wize sjen, al komme al dy flashbacks yn it begjin noch wat literêr oer. Mar as de nacht neigeraden foarderetr rinne hjoed en ferline, de pine fan doe en de werbelibbing fan no, hieltyd mear yninoar oer.

Leafdefolle wurchgreep

Tim Helderman spilet de djippe betizing fan Gabe, it oanhâldende konflikt tusken loyaliteit en ôfkear, trefseker en sûnder watfoar patétyk dan ek. Wêrtroch't je hieltyd tichter by him nei binnen krûpe. Hy hâldt fan har, mar se is in molestien om 'e nekke.

Tamara Schoppert is net it type aktrise dat driftich hinne en wer sjit tusken bombaarje en depresje. Mar krekt om't se de ekstraverte mem relatyf lyts delset, sitte je mei spanning te wachtsjen oant einlings dat stikje selsynsjoch trochbrekt.

Want allinne har selsynsjoch makket it foar Gabe mooglik om him fan har leafdefolle wurchgreep te befrijen. It drama fan him is hjir wichtiger as it teäter fan har. En dêr wurket dit

aparte, útsûnderlike plak dochs wol oan mei.

Barren: *Fierder nei it Noarden*, troch Tryater **Sjoen:** 9/10, yn Garage Haaima, It Hearrenfean **Tekst:** Herman van de Wijdeven **Spul:** Tim Helderman en Tamara Schoppert **Muzyk en spul:** Mats Voshol **Rezjy:** Loek de Bakker **Publyk:** 250 (útferkocht) **Noch te sjen:** 10-17/10 op It Hearrenfean; 22-31/10 Drachten; 5-28/11 Ljouwert **Tal stjerren:** ★★★★☆

Lees ook:

Tijdens doorwaakte nacht in de garage dringt plots de vraag zich op: wie zorgt er eigenlijk voor wie?

LC

Lees ook:

Poëtysk skouspul 'Swimbad' fan Tryater bliuwt boppe it wetter sweven | ★★★☆☆

LC

Cultuur

Fout gezien? Laat het ons hier weten